

Koade

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 965 5

1e printing 2017

© 2017, Kathy Reichs

Oersetting: Geart Tigchelaar, Ljouwert

Neisjoen troch Geart van der Meer, 2017

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8901 AA Ljouwert

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra

Útjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch:

Provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Feitsma Fûns

F e i t s m a F û n s

fielens fûn út Frysk



Douwe Kalma Stifting

DOUWE

■ STIFTING ■

KALMA

De Stichting Kristlik Frysk Folksboek

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Kathy Reichs

KOADE

Oersetting: Geart Tigchelaar 2017



*Brendan Reichs wol graach dit boek opdrage oan syn moaie
frou Emily, syn perfekte krekt berne dochter Alice en syn
balstjurrige soan Henry. Jimme binne dêr't it om draait.*

*Kathy Reichs wol graach dit boek opdrage oan har prachtige
Ierske en Letske famyljes. Tâ grá agam duit. Es jûs mīlu.*

Prolooch

97 dagen earder

In licht wyntsje swypke oer de dunen fan Turtle Beach.

Sêfte wynfleagen draaiden twirren yn it bonkewite sân
foar't se rûzjend weiwaarden yn it donkere bosk dêrachter.

De loft wie geweldich grut, swart en moanneleas. De
sinne wie al in moai skoft ûnder, mar de lucht wie noch
altiten soel, tsjok en waarm.

Wer in rêstige nacht op Loggerhead Island.

Mar *net* lykas oars wol.

Krekt foarby de beammegrins, ûnder de driigjende
kolos fan Tern Point, wie in groep apen byinoar kommen,
heech yn 'e tûken fan in moerasdin.

Swijend.

De boskboaïem observearjend.

Under de apen, op in lyts gersfjildsje dat oan de grouwe
woartels fan 'e beammen grinzget, gie in skeppe omheech,
nei ûnderen, wer omheech. Farske grûn foel op in bult dy't
al in knibbel heech wie.

De graver hie in tsjokke brune mantel oan, dat net
paste by de smoarende hjitte. It wapperjend gewaad
bediek syn eigener folslein, it hong oan de noazen fan syn
ferrinnewearre swarte learzens ta.

Swit glinstere op in rimpelige foarholle.

De figuer hold efkes op, glimke nei it afepublyk, foldien
dat er it momint diele koe.

Jierren fan wachtsjen, dêrnei moannen fan hiel sekuer
plennen.

It wie einlings tiid.

It Spul stie op it punt om te begjinnen.

De graver sette troch, geduldich, stânfêst dollend yn de rike, swarte grûn. It gat wie in meter djip en waard noch djipper.

Hast klear.

De graver hold wer op. Rekte him út. Sykhelle djip, azeme in bedwelmjend boeket fan liemeftige ierde, wiet gers en kamperfoelje yn.

Hy gibeke ynienen skel en fûgeleftich, wat in hiel skoft hingjen bleau foar't it mei in atonale piip weistoar.

Boppe him fersieten de primaten, senuweftich, alert op gefaar. Twa jonge mantsjes klommen heger yn it skaad fan it blêdetek. Mar de groep bleau. Boeid. Observearjend.

De graver liet de skeppe lizze en rikte yn in kanvas tas en helle der in lyts bondeltsje út. Hy tute it. Lei it earbiedich yn it gat.

It Spul wie begûn.

'Kom en sykje my', flústere de graver mei in hertslach lûd genôch om de kikkerts it swijen op te lizzen.

Wylst er toanleas nûndere smite de graver de kûle ticht en bediek it oerflak mei deade blêden. Die in stap tebek. Socht mei in triljende finger in knop op syn horloazje. Drukte derop.

Ping.

It bernich gibeljen klonk noch ien kear.

It is dien. De kaai is begroeven.

'Tiid om te spyljen.'

De graver riste de tas en skeppe en glûpte it skaad yn.

Dien

Cache

Haadstik 1

It mûntsje gierde, skuorde de angel hast út myn hannen.

‘Alder!’ Ik griep myn angel stevich beet. ‘Ik haw hjir in bêstenien!’

‘Tuike juh.’ Ben syn donkerbrune eagen seinen dat ik foarsichtich wêze moast. ‘De tried knapt ast der net om tinkst.’

Tern Point. Loggerhead Island. Ben Blue en ik wienen delstrutsen op in brede stiennen richel seis meter boppe de Atlantyske Oseaan. Wy hienen dêr al in oere sitten sûnder byt.

Oant no.

‘Waddokno?’ De earste kear in spinner en myn brein wie blanko. Ik fage in switterige palm ôf oan myn griis poloshirt.

‘Mei beide hannen de angel beethâlde!’ Ik murk dat Ben it stomme graach oernimme woe, mar hy ûnderdrukte dy oanstriid. ‘Lit de fisk in eintsje swimme, helje in bytsje yn, lit ’m dan wer gean. Mar kop derby. Dat ding is net makke foar sportfiskjen.’

Ik folge syn ynstruksjes op, liet myn bútsj himsels wurch meitsje. Einlings flitste der in wriggeljende sulveren streek lyk ûnder de brâning.

Ben fluite wylst er syn swart hier dat him op it skouder hong achter it ear struts. ‘Dat is in grutte jonge. Moaie fangst!’

‘Tank. Ynhelje?’ Myn earms baarnden fanwegen it ekstra lang lûken oan it snoer. ‘Dit meunster jout net samar op.’

Ben naam it oer, syn spieren spanden ûnder syn swart T-shirt en ôfknippte kaky koarte broek. Fan alle Firalen wie hy fierwei de sterkste. En hy stie it measte yn kontakt mei de natoer. Ben brocht it measte fan syn frije tiid bûtendoar troch en hy hie in djippe, kopereftige kleur om dat te bewizen.

De famylje Blue bewearde dat se ôfstamme fan de Sewee-stam, in lokaal Yndiaansk folkje dat trije iuwen lyn út 'e skiednisboeken ferdwûn is. Dat is alhiel net te bewizen, fansels. Mar sis dat net tsjin Ben.

Ben syn boatsje, Sewee, wie ús primêre ferfiermiddel. Hy brûkte de âlde fiif meter lange Boston Whaler-motorboat om tsientallen barriêre-eilannen fan Charleston te ûntdekken. En is sa achter de bêste fiskplakken kommen, lykas dit plak.

In pear tellen letter bongelege der in glimmende, sparteljende finzene oan 'e ein fan myn snoer. Ben helle him op nei eachhichte.

Myn fangst wie sulver fan kleur, sa'n fjirtich sentimeter lang en bedutsen mei lytse losse skobben. In tin strieltsje bloed sipele út syn bek.

'Keningsmakriel.' Ben helle de heak út syn bek en tilde de fisk by ien kiuw op. 'Tweintich pûn, in aardich formaat. Bliid dat er net ûntsnapt is.'

De fongen fisk hapte nei lucht, socht om 'e nocht nei soerstof. Wy seagen inoar oan.

Ynienen hie ik net sa'n soad wille mear.

'Goai him werom.'

'Watte?' Ben fronsele syn foarholle. 'Wêrom? Dizze soarte is goed iten. Of wy ferkeapje 'm op de fiskmerk yn Folly Beach.'

De kaak fan de makriel gie troch, iepen en ticht, mar

no minder krêftich. In bûl foarme him op it puntsje fan syn bek. Barste.

‘Goai him werom’, werhelle ik, skerper ditkear. ‘Fiskkop hat noch in libben foar him.’

Ben seach noartsk, mar hy wist wol better om der net tsjinyn te gean. Yn it ôfrûne jier hawwe de jonges myn stiifkoppigens akseptearje moatten, en it feit dat ik net safolle diskusjes ferlear. Net wannear’t ik myn poat stiif hold. Krekt as muoike Tempe.

Miskien hast wol fan har heard. Dr. Temperance Brennan, wrâldferneamd forensysk antropologe. Guon neame har de Bonkefrou. Se is myn âldmuoike, in prachtich feit dat ik krekt nei ús mem har ûngemak te witten kommen bin, doe’t ik by ús heit, Kit, ynlutsen wie.

Se is ek myn grutte foarbyld. Myn idaal. Se is presys alles wat ik oait wurde wol. Ik soe likegoed nacht en dei in ‘Wat soe Tempe dwaan?’-ketting om hawwe kinne. Myn grutste ambysje is om in like goede wittenskipper te wurden as Tempe. Om saken op te lossen sa’t sy docht. Om myn stimpel te drukken.

‘Okee, maat.’ Ben pakte ús finzene by kop en sturt beet. ‘Priizgie dysels lokkich dat myn freon hjirre sa’n suertsje is.’

Hy die in stap en smiet de makriel werom de see yn. Hy kletste op it wetter del en mei in slach fan syn sturtfin ferdwûn er út sicht.

‘Wy hawwe him fongen’, sei ik. ‘Dát is krekt de wille derfan.’ Foar ús, teminsten. Ik betwivelje oft dy fisk it dêr mei iens is.

‘It sil wol.’ Ben begûn de boel yn te pakken. ‘Lit ús de oaren sykje. Hi sil no wolris opjûn hawwe.’

Ik bûn de heakjes oan ’e angels en seach oft der noch wat op de richel lei. It wie in aardichheid om allinnich mei

Ben te fiskjen. Wy beide brochten net safolle tiid tegearre troch, en hy die der meastentiids it swijen ta as Hi en Shelton derby wienen. Wierskynlik om't dy twa net ien in wurd dertusken lieten.

Ben wie al sechstjin, de âldste fan 'e Firalen. Hy hie sels al in rydbewiis. Dat soe eins betsjutte moatte dat hy ús lieder wêze soe, mar hy liet my leaver de besluten nimme. Wat ferrassend wie, mei't ik fjirtsjin en de jongste wie, it iennige famke, en noch net alles wist oer ús wenplak Charleston. Mar Ben joech my meastal myn sin.

En hy is in skatsje, dat moast ik tajaan, ek al seach ik him as myn grutte broer. Ben fassinearre my, mar hy koe my soms ek aardich gek meitsje. It wie meastal ûnmooglik om út te meitsjen wat der achter syn yntinse blik allegearre omgie. Soms hie ik it idee dat ik fan myn roedelmaten him it minste begriep.

Nei't wy ús guod opburgen hienen, rûnen wy nei ûnderen nei it bosk. Ik hie mar amper in foet op fêste grûn setten of in grize skym skeat út it strewelleguod wei.

'Coop, sit!' Ik siet no net echt te wachtsjen op in frontale sprong tsjin myn liif oan. Mar hy tocht oan syn nije training, hy remme ôf en gie njonken my sitten.

'Braaf.' Ik klaude achter syn earen. 'Wêr is dyn famylje?'

Knisterjende blêden beäntwurden dy fraach. Ik draaide my om en seach Whisper krûpen by in grutte sederbeam achter my. De grize wolf naam my rêstich op, stapte doe fansiden foar har maat, in Dútske herder dy't ik Polo neamd hie. Dêrachter stie Coop syn broer, Buster, dy't it op in stok omkôgjen ôfwiksele mei dermei hinne en wer te swaaïen.

'Fuort', sei ik.

Coop sprong werom de boskjes yn, syn famylje achter him oan.

‘It is idioat, sa om te hingjen by in wolveroedel.’ Ben fage syn beswitte foarholle ôf mei syn earm, nettsjinsteande de mylde temperatuer. ‘As it no om de mem fan dyn lilkert giet of net.’

‘Wês net sa’n skiter, juh’, pleage ik. ‘It binne suver skoathûntsjes.’

‘Skoathûntsjes bite net dyn kop derôf. Of ite dy net op.’

‘Hee, wy binne ommers ek in wolveroedel.’ Ik fûn it wyldpaad dat wy folge hienen nei Tern Point en stapte it bosk yn. ‘Wêrom soenen wy dan bang wêze foar in oarenien?’

Ben antwurde net. Hy fiede him noch hieltiten net noflik by de wierheid. Net lykas my.

Dit is it ferhaal. Ofrûne maitiid binne myn freonen en ik pakt troch in aaklich superfirus. Ik. Hiram. Shelton. Ben. En myn wolfshûn, Coop, fansels.

De skuldige wie in sykte dy’t kreëarre wie troch dokter Marcus Karsten, ús heit syn âld-baas op it Loggerhead Island Research Institute. Yn in domdryst besykjen om yn ien klap ryk te wurden, hie Karsten DNA fan twa ferskillende typen fan it parvofirus kombinearre, dêr’t er by troch ûngemak in gloednije stam ûntwikkele hie. Dat wie wol it toppunt.

Spitich foar ús wie dy glûperige lytse syktekym besmetlik foar minsken. Wy hienen it firus krigen wylst wy Coop rêden, dy’t troch Karsten ûntfierd wie om as proefknyn brûkt te wurden.

Earst kaam it siikwêzen. Pineholle. Koarts. Blackouts. Neam mar op.

De feroarings kamen dêrnei. Wy begûnen te evoluearjen. Of te devoluearjen.

Sels no noch fyn ik it dreech om it te beskriuwen.

Myn brein draait en bochtet, peilt nei nije djipten yn myn ûnderbewustens. Myn sintugen klappe yn hyperdrive, wurde skerper as minsklik mooglik is.

En soms ferlies ik de kontrôle, jou ik ta oan myn oerynstinkten. Frjemde ympulsen. Dierlike oanstriid om te jeien, of te iten, of te fjochtsjen. Datselde jildt foar de oaren. Foar in grut part.

It siikwêzen gie stadichoan oer, mar de feroarings net. Us lichems wienen transformearre. De lytse firale ynkringer hie ús genetyske koade werskreaun, hie hûne-DNA yn minsklike dûbele heliksen brocht.

Hie ús feroare. De wolf yn ús sellulêre blauprint ferburgen.

Us byinoar ta in roedel smolten.

No binne wy Firaal. Yn murch en bonken.

It enge is, dat wy net witte as de sykte wier oer is. Of as de feroaringen permanint binne. Soenen de effekten yntinser wurde? Soenen se oer in skoftke fuortfloei? Gjin idee. Mei't Karsten dea gie, wie ek ús iennige link nei it firus fuort.

Mar dat wol net sizze dat wy it opjûn hawwe. Wy meie dan wol net de antwurden hawwe, mar wy binne wol fan doel dy te finen. Hoe? Dêr wurkje ik noch oan.

Ben en ik folgen it spoar nei in lyts iepen plak.

Blyp! Blyp!

Ben seach my betsjuttingsfol oan. Ik rôle mei myn eagen by wize fan antwurd. It wie dúdlik dat Hi noch altiten oan 'e gong wie.

Blyp! Blyp! Blyp!

Doe't ik it gersfjildsje opstapte hearde ik yrritearre stimmen.

'Hoe lang noch?' Shelton Devers treau in bril mei swart

montuer heger op syn noas. ‘Dit wie al net nijsgjirrich foar’t wy dermei begûnen.’

Shelton is koart en tin, mei donkere sûkelarjehûd en trekken dy’t deagewoan binne yn ’e strjitten fan Kyoto. Swarte heit. Asiatyske mem. Dan witst wol genôch.

Shelton stie yn it midden fan it iepen plak, earms oerinoar, ferfeling op syn gesicht etst. Hy hie in retro trui mei kapusjon mei Pac-Man derop oan en in fierstente grut basketbal-short, dat oan syn branhoutmeager liif hong as klean oan in kleanstokje.

‘Wêrom al dy prottelkonterij?’ antwurde Hiram Stelowitski. ‘Wy hawwe al earder in begroeven skat fûn, of net dan?’

‘In perfekte reden om dermei op te hâlden’, sei Shelton. ‘Wy hawwe sa ús kwotum foar ús libben wol ferfolle.’

‘Noch net.’ Hi rjochte syn oandacht wer op it apparaat yn syn hannen. ‘De geocache moat presys hjir wêze. Ergens. Ik moat ’m gewoan noch efkes fine.’

‘Oant no ta hasto oars neat fûn as flessedoppen, in tange, en in blikje kola light.’

‘Ik haw de ynstellingen oanpast sadat er net mear rommel oppikt. Gjûn falske alarms mear.’

‘Gjin hielendal neat mear. It ding docht neat oars as piipje.’

Hi hie in flokkend stel klean oan: reade holbân fan Adidas, blau Hawai-shirt en in wite koarte surfbroek. Yn ’e hannen hie er in metaaldetektor, in Fisher Labs F2, dy moarns farsk út ’e ferpakking helle. Hy wie it iepen plak al in healoere oan it útkjimmen, oertsjûge dat der wat begroeven lei.

Mei reade en tsjokke wangen seach Hi derút as hie er draafd ynstee fan rêstich hinne en wer te rinnen. Ek

al koe er soms wat ferfelend wêze, wy hienen allegearre respekt foar syn wittenskiplike nijsgjirrichheid. Hi hold fan eksperiminten en gadgets, om dingen út te plúzjen. Meastentiids joech ik him it foardiel fan 'e twifel.

Dy deis fielde net elkenien him sa barmhertich.

'Dit is ûnnoazel.' Mei't er mear in kompjûter-fan wie, hackte Shelton folle leaver websiden ynstee fan troch in bosk te wâdzjen. 'Sjoch nochris nei de GPS. Miskien binne wy op it ferkearde plak. Boppedat, wa soe hjir no wat begrave trouwens? It is priveebesit.'

Loggerhead Island is in partikulier feterinêr ûndersyks-reservaat, kompleet mei troepen frijinnende resusapen. It habitat wurdt suver net fersteurd om't der bûten it haad-kompleks fan LIRI gjin permaninte gebouwen binne.

Wy kamen dêr faak. Loggerhead wie ien fan de pear plakken dêr't wy totaal allinnich wêze koenen.

'De geocaching-webside hat dizze koördinaten opjûn', werhelle Hi stiïfkoppich. 'Dit is de earste cache oait dy't posten is foar Loggerhead en ik bin fan doel om 'm te finen.'

'Sûnt wannear hasto dizze pracht fan in nije hobby?' frege Ben.

'Sûnt ik de detektor besteld haw. Dus foarige moanne, tink ik. Sit no net mear sa tsjin my te eameljen en lit my it lêste stikje fan dit fjildsje ôfsneupe. De cache moat binnen in radius fan tritich meter wêze.'

Loaie snein. Om't wy gjin oare plannen hienen, hienen wy ús standertopsje selektarre: omrotsoaie op Loggerhead. Us feilige haven. Wy hienen Sewee nommen, lykas oars, en wienen doe fierder rûn om de bosk te ferkennen dy't by Tern Point, in kegelfoarmige rotspunt yn de súdeastlike hoeke fan it eilân, lei. Hi hie derop stien.

‘Lis it nochris út’, frege ik, net alhiel wis oft ik it konsept hielendal snapte.

‘Ik sykje nei in geocache.’ Hi, mei in ûnútputlik geduld. ‘It is in spultsje. Ien begraaft of ferberget in kistke mei in foarwerp deryn en set dan de koördinaten online.’

Shelton, skeptysk. ‘Hoe witst dat der hjirre in kiste begroeven leit?’

Hi rûn troch op syn bedaarde gonkje, de detektor foar him stadich hinne en wer swypkjend. ‘Omdat myn iPhone seit dat dit de presize koördinaten binne en dat de oanwizing my sei dat ik “foaral net oerflakkich wêze moast”.’

‘Al mei al’, sei Shelton, ‘is dit in ôfgryslík dom spultsje.’

‘Do bist in dom spultsje’, ketste Hi werom.

‘Lit my besykje om te linken wylst Hi trochwurket’, suggerearre ik, ek al wist ik dat it idee harren net oanstie.

Trije kroanen. Sa’t ik ferwachte.

‘Wy *moatte* ús krêften yn ‘e macht krije’, hold ik fol. ‘Watfoar doel hat it om spesjale krêften te hawwen ast dy net de baas bist?’

Hi gromme, syn eagen fêstplakt op it LCD-skermke fan de detektor.

‘It is grizelich.’ Shelton huvere nettsjinsteande de waarme neimiddei yn oktober. ‘As in ynvaazje.’

Ben knikte. ‘Do moatst út in oar syn holle bliuwe.’

De bleatstelling oan it superfirus hie ien grut ... njonkeneffekt. Foardiel? Flok?

Wy neame it ‘flitsen’. Wannear’t de feroaringen komme, ús breinen flappe en knappe, dan brekke de krêften los. Us sintugen skeakelje oer nei ûnmooglike helderheid. Sjen. Rûken. Hearren. Smaak. Sels taast.

De wolf komt derút, dy’t ús skerper en sterker makket.

Firaal.

Mar evolúsje folget gjin inkelde regel. It firus hat ús allegearre wer oars oantaasten. Miskien dat de mutaasjes unyk wienen oangeande ús yndividuele genetyske rigen. Hoe dan ek, ús krêften fariearje. Hiram hat eagen as in earn dy't syn eagen laserje litten hat. Shelton kin fearren fladderjen hearre as in mosk mei syn wjukken slacht. Ben wurdt it sterkst en fluchst, as in bolle oan 'e steroïden. Myn noas wurdt sa gevoelich dat ik emoasjes, bedroch en eangst rûke kin. En oare dingen dêr'tst leaver net oan tinke wolst.

En krektlyn hawwe ús krêften in hiel nij nivo berikt.

Foar my yn alle gefallen.

De jonges kinne it net. Fine it net leuk. Mar wannear't ús roedel flitst as wy ticht byinoar binne, kin ik somtiden de oare Firalen harren brein oanreitsje. Kin ik harren gedachten hearre, en mynt trochjaan. Dat talint hat al faker as ien kear fertuten dien. Hat sels ús libbens rêden.

'Mar ien kear, aub.' Stellich. 'Ik moat peile wat Coop oan 'e miks taheakket.'

Mear dramatyske steunen, mar de jonges holden op dêr't se mei dwaande wienen.

'Bêst.' Hi.

'It sil wol.' Shelton.

'Ien kear.' Ben hold ien finger omheech. 'Ien.'

Ik knikte, die doe myn eagen ticht en brocht myn brein yn rêststân. In djip sykheljen, dêrnei *rikte* ik op in wize dy't ik net alhiel beskriuwe kin. Myn tinzen groeven nei ûnderen, nei achteren, djip it primitive sintrum fan myn brein yn.

Ik fisualisearre my in inkelde DNA-rige. De grûnslach fan myn genetysk wêzen.

Ik ferskerpe myn konsintraasje, ik bylde my yn dat ik de dûbele heliks losritste.